



Ferslach fan de ledegearkomste fan doarpsbelang 'de Eendracht' Deinum fan 14 april 2010.

1. Iepenjen

Elk wurdt wolkom hiten troch de foarsitter, der binne ek wer ôffurdigers fan de ferskate politieke partijen Freark Siegersma (F.N.P.), Johan Harms (Grien Links), Sjef v.d. Lubbe (PvdA), Willem Roersma (Gemeentebelangen), Jantsje Lolkema (C.D.A.), Corina Stok (Gemeentebelangen)

2. Oantekens fan de jiergearkomste fan 15 april 2009

Folkert Kuipers freget as der al nije bestjoersleden binne, útsein Assuerus noch gjin oaren. Dhr. Smidt freget nei de perkjes, giet it troch dat alles gêrs wurdt? We ha der neat wer fan heard. Fjirder gjin op- of oanmerkings en Jitsche wurdt betanke foar har ferslach.

3. Jierferslaggen Doarpsbelang en Ufteartfûns

Joh. de Boer freget wat it ferskil is tusken in lid fan de begr. fer. en in net lid en dan mei namme wat it beteljen fan foarsjennings oanbelanget. Ek freget hy nei de regels fan it dollen fan in grêf en de rol fan Faber hjir yn. De foarsitter seit ta mei bestjoer en Johannes ris alles op in rychje te krijen.

4. Finansjele ferantwurding fan doarpsbelang en úfteartfûns

In pear fraachjes dy't troch de penningmeester útlein wurde

5. Ald papier en Hiemside

Anko leit út dat der in reserve hâlden wurdt foar de karre en it ûnderhâld fan de banken en dat der no stallingskosten binne no't de karre net mear bij Meetsma stiet.

6. Boartestúnkommisje

Dizze kommisje hat tige warber west en presentearre it nije plak (Hoeke St.Janswei/Pypsterhûf) en in moai plan. Yn oerliz mei de gemeente is keazen foar duorsum en fansels hinget dêr in kostenplaatsje oan. Mar al dizze tastellen kinne wer ferwurke wurde. Wop A. fynt eins it plak op Doekeles leechje feiliger wat ferkear oanbelanget. Fansels komt der wol in hage om 'e boartestún sadat de bern net sa de dyk opfleane kinne.

7. Jierferslach en finansjeel oersicht Aktiviteitenkommisje

Alles dúdlik en de kommisje kriget in komplemint foar alles wat se allegearre dogge.

8. Jierferslach Deinum Doe en No

Hjir binne ek gjin fragen en ek dizze kommisje kriget de komplimenten fan de foarsitter.

9. Kaskommisje

Dirk Zwagerman en Wim Huizen wiene beide behindere mar ha de gearkomste skriftlik witte litten dat de sinteraasje yn oarder wie en stelle foar de skathâlder te desjarzjearen. Anko wurdt betanke.

10. Bestjoersferkiezing

Chris Bruinsma hat te kennen jûn nei in perioade fan 5 jier net fjirder te gean en Jaring is yn ferbân mei in hieltyd drokker wurdende praktyk tuskentiids ôftredend. De beide mannen wurde betanke foar harren ynset en krije in blomke. It bestjoer is der net yn slagge om nije leden te finen. Spitich!!! Der hat him/har ek net ien kandidaat steld sadat we fjirder gean mei 6 bestjoersleden yn stee fan 9. Joh. de Boer freget as dit statutêr kin. We sille de statuten der op neisjen.

Foar de tee/kofje mei fulkoek wurde der noch in pear minsken yn't sintsje setten. De dragers by de begraffenisferiening. Joh. Sybrandi hie oanjûn nei 40 jier mei dit wurk op te hâlden, je wurde wat âlder, it skouder wol net mear sa. No nei 40 jier mei dat ek wol. Johannes wurdt tige betanke en mei him ek de oare dragers. Allegearre krije se in blomke en applaus fan de seal.

11. ???????????

Maaïke Lok fan Doarpswurk hold in ynlieding oer de krimp. Der wurdt in protte sein en skreaun oer de krimp, meastentiids is dat negatyf. Mar faaks binne der ek mooglikheden. Je moatte der oan wenne dat net yn elk doarp alle foarsjennings wêze kinne. Lytse doarpen soene mear gearwurkje kinne en je moatte útgean fan de goeie saken dy't yn in doarp oanwêzich binne. It "wij" gefoel besykje te fersterken, meinoar saken oppakke. De oerheden sille de kommende tiid in stapke tebek dwaan moatte. Dus doarps-bewenners sille sels inisjatyf nimme moatte. "Actief Burgerschap". Miskien moatte we it dêr yn 'e takomst mar ris oer hawwe.

12. Omfreegjen

Frou Lautenbach soe graach wolle dat de minsken better snie romje. Nei it hekkeljen djippe spoaren bij de fiver, kin dit no net oars. Moai dat der no in boartestún komt, mar foar de âldere jeugd is der neat. In pear jier lyn ha we der in soad tiid ynstutsen en úteinlik is it oergien om't der mar 2 âlders wienen dy't sa no en dan wat tafersjoch hâlde woenen.

Dhr. Smid de wâlbeskoaiïng is tige min (is al trochjûn oan gem.)

Joh. Sybrandi betanket foar de blommen. Hy hat 40 jier mei nocht drager west. It is it leste wat men foar immen dwaan kin en dat moat goed.

Piet Kroese de beammen op it tsjerkepaed binne min snoeid en it paad hjir en dêr fernield. Hy wol graach in ôffalbak bij de bankjes by it tsjerkhôf.

Frou Lolkema fynt it in goede gearkomste.

Ymie van Loenen om de fiver komme elk jier wer nije skelpen op de paden, wêrom bij it kanaal en efter de Mennerdahôf net. Jitsche andert, om't de ûndergrûn bij it kanaal folle better is, fersakket de skulplaach lang sa bot net as bij de fiver.

Sita Maurits freget as D.B. ek wat dwaan kin oan minsken dy't in troep ha op harren hiem. Kinne we net folle oan dwaan.

Willy Tamminga mei glêdens is de opgong fan de brêge min be-gearber. Dêr wurdt net snieromme of struit.

Epie Tamminga de beammen om it tsjerkhôf stean der al 10 jier, moatte snoeid wurde.

Wop Algra as de iisbaan ûnder wetter stiet, stiet der ek wetter bij ús yn 'e tún.

Joh. de Boer hoe is it mei de sportfjilden. Der is eins te min romte om alle ploegen op 'e tiid spylje te litten en de fjilden wurde te bot belêste. Neffens de rjochtline fan NOC-NSF moatte we, sjoen it tal leden hjir mei ta kinne. Hja sjogge lykwols net hoe't de fjilden der hinne lizze.

13. Slute

Om 10.45 slút foarsitter Rinske de gearkomste, betanket elk foar it kommen en syn/har ynbring en winsket elk wol thús.